

Ferslach toanieldei, organisearre troch It Frysk Boun om Utens op sneon 27 septimber 2008, opmakke troch Hâns DIJK.

Organisaasje: Douwe Fierstra, lid fan it Bounsbestjoer

Plak: Gasthuis woonzorgcentrum Bartholomeus, Lange Smeestraat 40, 3511 PZ Utrecht

Lieding: Mefr. Jelmar Siemensma-Hoekstra fan de Rottefalle

Fanôf 9.30 oere kamen de dielnimmers oan, út alle streken fan it lân. Fan sawat alle toanielploegen fan it Boun wiene der spilers en/of regisseurs oanwêzich. De kofje foel der tige goed yn en ek it breamiel om 12.30 oere wie hiel goed troch it "Gasthuis" fersoarge. Pietie Westdijk hie alles goed ôfpraat. De toanieldei duorre oan 't 16.00 oere en doe ferfleachen de dielnimmers wer nei alle wynstreken.

It programma ûnder lieding fan dosinte Jelmar wie tige learsum. Sa as faker op dit soarte fan instruksjedagen waard der begûn mei ûntspanningsoefeningen. Bynamme de heup- en skouderspieren waarden losmakke en der waard yn 't bysûnder de klam lein op it goed ûntspannen fan alle spieren en gewrichten dy't in minske hat. Folge waarden de instruksjes sa as dy jûn binne yn it boekje "Lessen voor acteurs" fan Michael Tsjechov. Dizze ynstruksjes binne foaral fan belang om mei de lichemstaal sadanich om te gean dat de effecten fan jinsels en fan oaren fersterke wurde.

Dit lêste wie foaral fan belang doe't wy ynstruksjes krigen by it saneamde 'stil spul'. It gie der doe net om hoe je wat sizze moasten, want wy hoefden neat te sizzen. It gie der wol om wat jo dogge wannear je gjin tekst hawwe. Wat moat je dan toane? No je moatte dan sûnder wat te sizzen mei jins lichemstaal de effecten fan de oare saken fersterkje. As je gjin tekst hawwe, wol dat dus wier net sizze dat je net fan belang binne op it toaniel. Né, wis en wrachtich net. Misskien binne je just dêrom wol folle wichtiger. It giet der om jin eigen 'ik' der yn te lizzen, je eigen gefoel, it eigene.

Al mei al wie der sprake fan in tige slagge dei en der is in protte leard. Yn it neipetear is dat dúdlik troch de dielnimmers útsprutsen. Yn 2009 moat der wis en seker wer in toanieldei komme (de lêste sneon fan septimber) en de dosinte kin deselde wêze want dy kin der wol wat fan. Dizze dei hat oanttoand dat it toaniel en it toanielspyljen by de Fryske krites fan it Boun noch altyd libbet. Der wie sprake fan in prima organisaasje, in prima dosinte en entûsjaste dielnimmers.